

Dizze ansichtkaart haw ik yn 'e simmer fan 1988 oan de dosinten Frysk oan 'e VU stjoerd doe't ik ris op famyljebesite yn de Feriene Steaten wie. Ik hie doe krekt myn earste jier as studint Frysk oan 'e VU achter de rêch. Dat Tony Feitsma it kaartsje bewarre hat, is faaks net sa opmerklik, want sy hie rûnom steapels papieren lizzen, mar dat sy it blykber ek op in prikboard hingjen hie, fyn ik wol spesjaal.



In âlder wurden Frysk famke

Ferlike mei de professoren dy't ik yn de rin fan myn eardere stúdzje yn de Feriene Steaten hân hie, wie Tony Feitsma wol in gefal apart. Har passy foar it fak wie net mis te ferstean. Mei har útsprutsen oertsjûgingen en har wisse, fûle útspraken wie har dosearstyl foar my earst efkes wennen. Ek har skerpe humor ûnder it lesjaan wie wol oars as oars. Yn myn holle bliuwt sy ûnskiedber ferbûn mei it wurd 'gnizen'. Ik hear en sjoch it har ek noch sizzen. Feitlik hear ik har noch in soad dingen sizzen. Dat komt benammen trochdat ik yn it earste pear jier fan my stúdzje Frysk withoefaak nei in kasettebân harke dêr't sy Fryske teksten op ynsprutsen hie. Sy lies stikken foar út twa ferhalen: 'De wylde houn fen 'e boskpleats' fan T. Mollinga, ut 1941, en 'It fanke', fan in my ûnbekende skriuwer. Tusken de passaazjes troch lies se ek in stikmannich oefensintsjes en -frasen foar, folge troch yn boude stiltes sadat de studint se neisizze koe om sadwaande syn of har útspraak te oefenjen. Sa't it liket binne guon fan dy sinnen ivich yn myn harsens opslein.

Hy bout sokke hokken. Hy is net goed by de holle. Hy hat in hoed op 'e holle. Jou him op 'e hûd. Rop net te lûd. De wrâld is rûch. Bisto slûch? Hy sit in it hoekje by it iepen rût koeke te iten. Anst hat er pine yn 't liif.

Ien flier, twa flierren. Ik haw in blier oan 'e foet. Ien blier, twa blierren. Wa rint dêr op 'e strjitte? Ien foet, twa fuotten. De bern wolle net mear boartsje.

Ien op 'e kop slaan. Hy hat in kopke brutsen. Hasto alwer sokke sokken oan? In holle holle.

Mar benammen har foarlêzen fan it ferhaal 'It fanke' fûn ik soms o sa persoanlik hearen. It gie oer in famke, Nelly, dat har blykber al te gau yn deidreamen ferlear, bygelyks wannear't se fan har mem gau de tekkens fan 't ledikant helje moast om dêrnei har moarnsbrea mar hurd op te iten. De tearens wêrmei't Tony Feitsma dat ferhaal foarlies - mei sa út en troch op de eftergrûn it lûd fan de bel fan 'e lift dy't by de 10e ferdieping fan it haadgebou fan 'e VU oankommen wie, krekt bûten de doar fan har keamer - makke har foar my mear as allinne dy nuver gnyskjende professor. Ik seach har ynienen as in âlder wurden Frysk famke, mei heimwee - en in ûnbidich grutte leafde, - foar har folk en syn taal. In minsklike kant fan in felle striidster. De wrâld is rûch, mar sy wie moai wis net slûch.